

verhaal 75

### Sûkelaadsje

sneintemiddei  
rin ik by de treppen omheech  
it griene rútsje  
by de kapstok is it moaist  
de kreake hat  
banken en stuollen wy sitte  
op de stuollen  
de efterste bank sit fol  
lytse eachjes  
ynkerve nammen  
efter it gerdyntsje nêst ús  
de man op it oargel  
ik soe wol even sjen wolle  
tsjinoer ús sjochst  
âlde oargelpipen  
dêr kinst ek omheech  
mar der sit net ien  
hoe soe it dêr wêze?  
myn iene broer sit foar ús  
hannen oan 'e holle  
earmtakken op 'e reling  
mem en ik komme dan  
efter ús sit Japs  
myn oare broer op 'e efterste bank  
sit te gnizen  
ik soe dêr ek wol sitte wolle  
mar dat mei fêst net  
ik tink oan aanst thús  
tee mei in sûkelaadsje  
ik freegje mem  
foar de wissichheid ûnder it bidden:  
it antwurd is ja.  
we geane nei ûnderen en dêr

it griene moaie rútsje  
de koster stiet by de doar  
yn de hal hinget in buske 'bloemen'  
hoefolle soe deryn sitte?  
bûten steane myn broer en syn maten  
te swetsen ik rin  
nei de auto  
thús in sûkelaadsje

Antje van Schepen – Koopmans